



[Parseberjocht](#)

Rimen & Teltsjes *yn jubileumedysje ferskynd*

Meinimmend, spotsk en o sa gefoelich: de bruorren Halbertsma skreaunen sa't se sels wienen. En har sammele wurk, de *Rimen & Teltsjes* (1871) is noch sa libben as in hert. Dochs it dit folksboek, grôtfol mei ferhalen en gedichten, al mear as in ieu âld. Mei klassikers as 'Jonker Pyt en Sibbel', 'It marke', 'Deagravers sankje', 'De Jonkerboer' en 'De reis nei de jichtmasters'.

Rimen & Teltsjes is yn Europeesk ferbân ien fan de hichtepunten út de Romantyk, de grutte kulturele streaming út de njoggentjinde ieu. Parten fan dit boek binne oerset yn it Dútsk en it Nederlânsk, ûnder oaren troch Theun de Vries. Alle generaasjes ûntdekke dit boek op 'e nij. Hast like ferneamd binne de printen fan Ids Wiersma dy't yn dizze útjefte ek wer opnommen binne. Dizze útjefte is gelyk oan de edysje fan 1993, dy't ferskynde yn de rige Fryske Klassiken.

Trije bruorren Halbertsma wurken mei oan de *Rimen & Teltsjes*. De bekendste is Joast Halbertsma (Grou 1789- Dimter 1869), mennistedûmny en taal- en letterkundige. Syn jongere broer dokter Eeltsje (Grou 1797-1858) studearre medisinen yn Leien en Heidelberch en kaam dêr yn 'e ban fan 'e Romantyk. Foar Tsjalling (Grou 1792-1852) wie de skriuwerij minder belangryk: hy gyng yn saken en waard as bûterkeapman in begoedige man.


Yn it ramt fan it tritichjierrich bestean fan de Friese Pers Boekerij bv is *Rimen & Teltsjes* yn in nije jubileumútfiering útbrocht.

Boekgegevens:

Rimen & Teltsjes, troch de Bruorren Halbertsma. Werprintinge. Friese Pers Boekerij bv, 2009
Utfiering: ynbûn 624 siden

ISBN: 978 90 330 08634

Ferkeappriis: € 24,50



Voor meer informatie over de uitgave, de auteur, de presentatie of het aanvragen van een recensie-exemplaar:
Vera van Balen. Telefoon 058-284 5390/ vera.van.balen@ndcvbk.nl

Zowel dit persbericht als een hoge resolutie-afbeelding van het omslag zijn in digitale vorm beschikbaar via www.frieseipersboekery.nl onder de knop 'Parse ynformaasje'.